

Ticht by de minsken



Broer Douma fan Klún en Knoffelhakke hie de gnizers yn'e bûse. FOTO FDS FOTOPRESS

Klún en Knoffelhakke spilen sneontejûn de premjêre fan 'Hé Buorman!' yn it Bowlingsintrum yn Eastrum.

TEKST: RENNIE VEENSTRA

Klún & Knoffelhakke (Hendrik van der Heide en Broer Douma) binne twa minsken dy't harsels op it toaniel yn in omsjoch fermannichfâldige kinne ta ferskate typkes. Yn 'Hé buorman!', it sânde jûnsfolgende programma fan it duo, spylje se yn it foarste plak minsken út deselde strjitte. Harren buert bestiet fierder út de minsken yn de seal en dêrmei hiene se sneontejûn in hiele protte buertgenoaten. Allegear wiene se tige ynnommen mei harren buor-

lju op 'e planken. Just om't dy it yn harren show net altyd like goed mei-inoar fine kinne. Se hawwe bygelyks striid oer herje en lûdsoerlêst, oer it skiten fan downen en oer in stekje. Foar dat stekje moat sels de 'Ridende Rjochter' delkomme. Inte op in tillevyzjeprogramma is ek it komyske sketske fan de postkoade-lotterij. Guon minsken yn de seal wurde der riker fan (krije in euro as in cd), mar de likige buorman makket

him alhiel net bliid mei syn deade mosk, oftewol in cheque fan nul euro. Van der Heide spilet de brotske buorman en docht dat sa moai dat Douma hieltyd op geweldige wize in sabeare-ûnnoazele tsjinhinger wêze kin. Hy spilet ek mei oertsjûging in frouljusrol. Ast him yn in stipkesjurk en mei in huodsje op sjochst, soest swarre dat er Juffer Snip fan it eardere revuduo Snip & Snap is. De humor fan Hendrik en Broer liket ek op dy fan Snip & Snap en sprekt in hiele protte minsken dúdlik en klear noch altyd oan. It laitsjen wie sneon net fan de loft: om maleur mei in auto fan IKEA, om downen op de barbecue, om doazen fol happy-meitsjende piltsjes en noch folle mear.

Dekor, klean en attributen meitsje de show ta in stik fisueel kabaret fan it boppeste buordsje. Timing fan tekst en klû litte de mannen ôfhingje fan de reaksjes fan it publyk en dat docht fertuten. In pear kear wize se harsels op flaters, lykas it útstappen út in ridende auto en it jins hannen brânen oan in kâlde barbecue. Ien en oar mist syn effekt perfoarst net. Douma is de man dy't geregeldwei de seal yn giet foar in petear. Dat betsjut ymprovisearje en dat giet him hiel goed ôf. As Sint-Martensrinner kin er fansels net om 'de koeien hebben staarten' hinne. Fjirder as dizze wurden komt er net yn dit liet. Nee, dan de oare ferskes. Kompleet en moai!